



FEARREN

IT WAAR HJOED:



DE DATUM:

Fearren sykje is in moai wurkje. De iene fear is noch moaier as de oare. Puntich, rûn, kroid. Of in pluzich dûnsfearke. En yn allegear kleuren. In soad fûgels ferlieze yn 'e simmer harren âlde fearren. Dat is dus de bêste tiid om se te sykjen.

WAT HAST NEDICH?


- Underlisplaat
- Ilestykje
- Potlead

A.

In park of bistegreide, by in fiver of op in bernebuorkerij.
Dêr kinst folop fearren fine.

B.

Fûgels hawwe allegear fearren.
Set in krúske by de soarten dy'tst fynst.


☐ SLACHPINNE

☐ STURTPINNE

☐ STERFEAR

☐ DÛNSFEAR


DENFEAR

☐



C.

Pak de flagge fan de fear tusken tomme en wiisfinger.
Lûk no foarsichtich in bytsje skean nei ûnderen. Wat fernimst?

- ☐ al dy streekjes sitte los tsjininoar
- ☐ al dy streekjes heakje yninoar

D.

De fear is wat raffelich. Mar se kin ek wer moai glêd wurde.
Besykje mar hoe'tst dat dwaan moast.

E.

Fiel ek ris oan de spoel fan in fear.

De spoel fielt oan as

- ☐ skjirpapier
- ☐ in stoeptegél
- ☐ dyn nagels

Hâld de spoel tsjin it ljocht. Kinst der trochhinne sjen?

.....

De spoel is HOL / SIT TICHT.

Hâld no de skacht tsjin it ljocht. Is der ferskil mei de spoel? Wat ûntdekt?

.....

F.

Sykje in fûgel dy't him goed besjen lit. Tink derom hoe't er syn fearren poetst.

De fûgel strykt de fearren glêd mei syn

Wêrmei strykt er de kopfearren glêd?

.....

G.

Besjoch in fleanende fûgel dy't op in tûke sitten giet.

Om it lykwicht te hâlden brûkt er de

- ☐ dûnsfearren
- ☐ dekfearren
- ☐ sturtpinnen
- ☐ sierfearren
- ☐ slachpinnen

FLAGGE

SKACHT

SLACHPINNE

SPOEL

Eartiids skreaune minsken mei fearren. Meastal waarden slachpinnen fan guozzen brûkt. No snapst fansels wêr't it wurdje "pinne" weikomt.

